


Tsjerkepaad 2019

De tsjerkedoarren fan Burchwert en Hichtum steane op de folgjende TSJERKEPAAD sneonen iepen:

6 july, 13 july, 27 july, 10 augustus en 31 augustus.

Iepeningstiden: fan 13.30 oant 17.00 oere.

Aktiviteiten tidens Tsjerkepaad



Yn Burchwert fersoarget de pleatslike skilderklub ek dit jier wer in tentoanstelling mei in grut ferskaat oan skilderijen.

Yn Hichtum binne skilderijen fan Annemarie Zijsling út Hartwert te bewûnderjen.

De Stifting Organum Frisicum fersoarget yn de beide tsjerken oargelmusyk.

Dêrneist wurde twa gipsôfdrukken fan wapens op de toerklokken yn de tsjerke fan Hichtum tentoansteld. De gipsôfdrukken binne 16^{de} en 17^{de} iuws en binne ferline jier tafallich opdûkt út it argyf fan de Gemeente Súdwest-Fryslân en skonken oan de tsjerke fan Hichtum.

Fan herte wolkom allegearre! (De tagong is frij).

Prot. Gemeente Burchwert – Hartwert - Hichtum